



Grappich wikeljild!

(Funny money)

In klucht yn twa bedriuwen

troch

RAY COONEY

Yn it Frysk bewurke troch

Appie Nutterts

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **GRAPPICH WIKSELJILD! - FUNNY MONEY** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **RAY COONEY** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © by Ray Cooney
Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en)

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

PERSOANEN:

Wytske Bron: in aardich, ienfâldich frommes fan fjirtich jier.

Harry Bron: in ûnbetsjuttend mantsje fan begin fjirtich.

Wolter: taksysjauffeur, in feninich keardeltsje fan sa'n fyftich jier.

Fokkema: in meagere keardel fan om en de by de fjirtich.

Spyksma: in soarchsum, goedaardich keardeltsje, teminsten as er net provosearre wurdt, fjirtich jier.

Betsje Stobbe: in mollige, prûze vrou mei in bêst sin, sawat fjirtich.

Arjen Stobbe: in drûge, taktleaze keardel, net út it stee te krijen, in fjirtiger.

Man te foet: fan Súd Amerikaanske komôf.

2 froulju en 6 manlju.

TOANIEL:

It stik spilet op in hjerstige jûn yn de wike, yn de wenkeamer fan Harry en Wytske op It Hearrenfean. De wenkeamer is ienfâldich ynrjochte en rjochts en lofts sjoen út de seal wei. Rjochtsfoar is de doar nei de hal en de bûtendoar. Rjochtsefter is in doar nei de ytkeamer en rjochts yn it lewant is in kastdoar. Lofts neist de kast is in trep dy't útkomt op in lytse oerloop. De lange oerloop is in pear treden heger. De sliepkeamers binne op dizze oerloop. Under de oerloop mei balustrade stiet in drankkast mei glêzen ensafuorthinne. Loftsefter is in doar nei de keuken. Mids it toaniel stiet in sitbank mei rjochts in bysettaffeltsje mei telefoon en rjochtsfoar in bypassende stoel. In kastke mei in radio lofts foar tsjin it lewant. Boppe in lyts buro rjochts hinget in koekoeksklok. Fierder ynrjochtsje nei eigen ynsjoch.

EARSTE BEDRIUW

(de keamer is opromme, mar der wurdt wol dûdlik yn wenne. De meubels binne wat fersliten, mar wol komfortabel. It is jûn en it ljocht is oan. It toaniel is leech, út de radio komt de ûvertuere fan Willem Tell. Nei in skoftsje komt Wytske út de keuken. Se hat in moaie jurk oan en in skelk foar. Se hat in sulveren kersehâlder mei kers yn de hân. Se rint hastich nei de ytkeamer en komt sûnder de kersehâlder werom. Se sjocht op it horloazje en giet hastich nei de hal. Se docht de foardoar iepen en sjocht nei loft en nei rjochts en docht de doar ticht. Dan rint se nei de keuken en komt werom mei in skaal en in houten leppel. Se giet wer nei de foardoar en sjocht wer loft en rjochts en docht de doar ticht. Se sjocht wer op it horloazje)

Wytske: (*tsjin harsels*) Wat bisto doch in grutte sûch Harry Bron! (nei de keuken, efkes letter komt se werom mei in pantsje nûtsjes en in flesse wyn. Se set de nûtsjes op tafel en docht de radio út. Se rint stampfuotsjend nei de ytkeamer, ôf. Efkes letter komt se op sûnder de flesse wyn op en giet nei de keuken, ôf. De foardoar giet iepen, Harry Bron komt op. Hy hat in twadielich pak en in reinjas oan. Hy hat in kofferke by him. Hy gappet nei de siken en sjocht wyld út de eagen. Hy bliuwt yn de doar stean. Wytske komt op, se hat in blêd by har mei fjouwer boarden en bestek derop. Se sjocht Harry net, de doar fan de hal sit derfoar. Wytske giet nei de ytkeamer, ôf. Harry sjocht tige wyld, hy is noch net ta himsels kaam. Hy docht de foardoar ticht, rint nei de bank en giet sitten. It kofferke set er oer de flier. Wytske komt op en docht de foardoar iepen. Se sjocht nei rjochts en nei loft en sjocht wer op it horloazje en seit dan *tsjin harsels*) Harry Bron! Grutte sokses! (Harry is fier fuort en stoareaget foar him út en reagearret net. Wytske smyt mei in klap de doar ticht en sil ôfgean nei de keuken. Dan sjocht se Harry, se reagearret ferheard) Ah!! (Harry sjocht har neatsizzend oan) Leave santjin en gjin ein, Harry, wêr hasto yn de goedichheid sitten! (Harry stoareaget mar) Do bist hast in oere te let! Arjen en Betsje kinne elk momint op de stoepe stean. (Harry stoarret mar en seit neat) Op dyn jierdei Harry! (Harry stoarret mar) Wêrom hast net belle? Hast oerwurke? Stake de treinen? (Harry sjocht mar) Sis wat! (Harry sjocht de oare kant út)

Harry: (ynienen) De gouden gids!

Wytske: Watte?

Harry: De gouden gids. (nei it kastke loft foar)

Wytske: Wat moatsto mei de gouden gids?

Harry: (*blêdet*) Reisburo's! Nee! Dy binne ticht. De K.L.M. (*blêdet*)

Wytske: Wat mankearret dy?

Harry: (*lést*) Fleanmaatskippij. (*siket fan ûnderen nei boppen*) Kuwait Airways... Korea... K.L.M. (*smyt de gids oer de skouder en giet wer op de bank sitten. Hy pakt de telefoan en set dy foar him del*)

Wytske: Wat moatsto mei de K.L.M?

Harry: (*bellet*) Nul tweintich, fjouwer, acht, trije, twa, ien, fjouwer njoggen.

Wytske: Harry! Arjen en Betsje kinne der sa ynkomme.

Harry: (*yn de hoarn*) Spreek ik met de K.L.M?

Wytske: It is dyn jierdei hjoed!

Harry: (*yn de hoarn*) Ik zou graag een vlucht voor twee personen willen boeken.

Wytske: In flecht foar twa?

Harry: (*yn de hoarn*) Voor vanavond.

Wytske: Watte?!

Harry: (*yn de hoarn*) Waarheen? Maakt niet uit.

Wytske: Harry!

Harry: (*yn de hoarn*) Ja dat heeft u goed gehoord, maakt niet uit wat.

Nou ja, als er maar geen visa voor nodig is. Zweden, Frankrijk, Denemarken, Spanje, Portugal...

Wytske: Wat skeelt dy? Om healwei sânen komme Arjen en Betsje op besite.

Harry: (*yn de hoarn*) Wat? Hoe laat? Een moment. (*tsjin Wytske*) Hoe lang is 't rideen nei Skiphol?

Wytske: Do bist besopen!

Harry: Mei de taksy.

Wytske: Ik rûk it. Wisky! Do hast sitten te sûpen!

Harry: It is no heawei sânen.

Wytske: Lis dy hoarn del!

Harry: Taksy om sân oere, Skiphol pakwei healwei njoggenen. Ynsjekke... (*yn de hoarn*) Half tien.

Wytske: Ik bliuw kalm, Harry.

Harry: (*yn de hoarn*) Ja, maakt niet uit, elke vlucht van half tien.

Wytske: Noch hiel efkes, dan wurd ik ôfgryslik lilk!

Harry: Pak dyn koffers en ferjit de paspoarten net. (*wiist nei it buro*)

Wytske: Harry...

Harry: Mar ien koffer! In lytsen ien. (*yn de hoarn*) En wij reizen eerste klas.

Wytske: Ik kin wol gûle, Harry.

Harry: (*tsjin Wytske*) Ien steltsje ûnderguod, mear net. Wy keapje alles dêr wol.

Wytske: Wêr?

Harry: (*yn de hoarn*) Barcelona? Geweldig! 21 uur 45. Wat, is dat een normale tijd? Kwart voor tien, prachtig!

Wytske: (*begjint te gûlen*) Harry, asjebleaft!

Harry: (*yn de hoarn*) Oh, dat is mij om het even. Smoking? Non smoking. Zeg, kan ik contant betalen op het vliegveld?

Wytske: (*gûlt*) It is dyn jierdei hjoed. (*se giet yn de luie stoel sitten en slacht de hannen foar de eagen*)

Harry: (*yn de hoarn*) Geweldich, twee eerste klas tickets Barcelona. Wat? Oh nee, enkele reis. Ja enkele reis, we gaan niet terug. (*Wytske begjint hurder te gûlen. Harry yn de hoarn*) De heer en mevrouw Bron... Ja dat lukt wel, de tickets ophalen een half uur voor het inchecken. Mooi, dank u wel. Dag. (*leit hoarn del*)

Wytske: Harry...

Harry: Ssssh, ssh, ssh. (*pakt de hoarn op de nij*)

Wytske: Wa silst no wer belje?

Harry: Toskeboarstel, toskipoetsersguod, in skearmes, skearsjippe, mear hoecht net. (*yn de hoarn*) Taksysintrale Oenema? Ik wol graach in taksy nei Skiphol. No daliks mar ast kin... Mei in kertier? Ôfpraat. Mei tsien minuten is ek goed. Bron, Stokroas 10... Dat komt út, ja, it is dat hoekhûs. Twa persoanen. Tige tank, goeie! (*leit de hoarn del*)

Wytske: Harry...

Harry: Wytske... harkje.

Wytske: (*giet by him op de bank sitten*) Nee, do moatst harkje! Do hast sitten te drinken en it is dy yn de plasse slein. Do kinst gjin alkohol ferneare, do dochst nuver.

Harry: Ik doch hielendal net nuver.

Wytske: Ja, dat dochst wol. Ik wit net wat der bard is, mar wy gean jûn net nei Barcelona. Arjen en Betsje komme jûn. (*yntusken hat Harry it kofferke pakt, leit it op tafel, docht it iepen en lit de ynhâld sjen*) Se litte dy fierstente hurd wurkje dêr op dat rottige kantoar dêr. Der is neat dêrtst dy drok oer meitsje hoechst, do hast dy gewoan wat oerskrept. It is gjin bloedpropke, dêr leau ik neat fan... Do... (*hâldt har ynienen stil as se de bondels briefkes fan fiif hûndert euro lizzen sjocht*) Wat is dat??

Harry: Twa miljoen sân hûndert fiif en fyftich tûzen euro.

Wytske: (*hiel nochteren*) Wat is it?

Harry: Jild.

Wytske: (*hiel nochteren*) Mar wat is it?

Harry: Jild! Twa miljoen sâñ hûndert fiif en fyftich tûzen euro.

Wytske: (*wer nochteren*) Wat is it, Harry.

Harry: In fermogen mins! Paspoarten! (*rint nei it buro. Wytske pakt de bondels dy't troch elastiken byelkoar holden wurde. It binne dúdlik brûkte briefkes*)

Wytske: Harry, hoe binne dizze briefkes yn dyn kofferke telâne kaam!

Harry: Dat is 't no mar krekt... it is myn kofferke net.

Wytske: Hoe bedoelst?

Harry: Ik kaam fan de trein hjir op oan. Sa doch ik dat altyd, mei it kofferke en ik rûn op hûs oan, do witst wol wêr't ik altyd rin... Hast ús paspoarten hjir ynlein?

Wytske: Underste laad! Gean troch!

Harry: No ja, it wie noch wol in bytsje fris, dus ik tocht, ik doch de sjaal om. Ik die it kofferke iepen en doe seach ik dat it myn kofferke net wie.

Wytske: Net dyn kofferke?

Harry: Ah... de paspoarten! (*docht se yn de bûse*)

Wytske: Hoe bedoelst, net dyn kofferke?

Harry: Ik ha myn kofferke yn de trein stean litten en dizze by ûngelok meinommen. Of ien hat minen meinommen en sinen stean litten. (*rint optein nei it kofferke*)

Wytske: Wêrom bist der daliks net mei werom gien?

Harry: Ik wie yn shock. Hoe soesto dy fiele ast dyn taske iepen dochst om de noas te poeierjen en do fynst op dat stuit twa miljoen sâñ hûndert fiif en fyftich tûzen euro, no? Ja, toe mar?

Wytske: Hoe witsto sa sekuer dat der twa miljoen sâñ hûndert fiif en fyftich tûzen euro yn sit?

Harry: Ik ha 't teld.

Wytske: Teld, op de dyk?

Harry: Nee, yn 't kafee.

Wytske: Sjochst no wol, do hast sitten te drinken.

Harry: (*set Wytske wer op de bank en giet neist har sitten en ynspektarret it jild*) Ik moat efkes ta mysels komme en betinke wat ik no dwaan moat.

Wytske: Mar do hiest doch wol nei 't pljsjeburo gean kind? Dat hiest dwaan moatten.

Harry: Dus, ik bestelde in dûbele whisky en bin dêrnei nei 't hûske gien.

Wytske: It hûske?

Harry: Om nei te gean dat ik net stien hie te dreamen. No dat hie ik dus net. Ik bin op de pot sitten gien en ik ha 't útteld.

Wytske: Harry!

Harry: Dêrnei ha ik oan de bar sitten mei in dûbele whisky.

Wytske: En doe?

Harry: Ha ik noch ien besteld en bin 'k wer nei 't húske gien om it noch in kear te tellen.

Wytske: Gjin wûnder datst sa let wiest.

Harry: Lang om let ha ik noch in whisky besteld en ha ik wer op 't húske sitten te tellen, ik koe 't gewoan net leauwe.

Wytske: Harry!

Harry: Wytske! Salang't wy libje krije wy sa'n kâns net wer. Wy moatte it mei beide hannen gripe.

Wytske: Mar wy kinne doch net samar opstappe?

Harry: Wêrom net? Wy reizgje earste klasse, ik nim in pear fan dizze briefkes mei as foantsjes yn it fleantúch. (*docht daliks mar in pear briefkes fan 500 yn de bûse*)

Wytske: It is ús jild net Harry!

Harry: No wol... ynpakke!

Wytske: It is stellen jild, Harry!

Harry: Kom, kom! Ik ha der lang oer neitocht op it húske yn it kafee...

Neffens my is dat jild net hielendal koosjer. Ik bedoel, der sit in luchtsje oan, begrypst wol? Brûkte briefkes yn elastiken bondele. Dit moat in betelling wêze fan ien of oare yllegale transaksje oan de ien of oare smycht. Dit jild stiet nearne registrearre, hjir wurdt gjin B.T.W. oer betelle. Mei oare wurden, dit jild bestiet gewoan net en as it net bestiet kin ik it ek net stellen ha.

Wytske: Harry...

Harry: Myn gewisse is suver, Wytske. Ik ha tritich jier foar neat hartstikke hurd wurke en einlings en te lêsten ha ik hjir no myn bonus.

Wytske: Mar de plysje sil...

Harry: (*ûnderbrekt*) De plysje sil neat! It ferlies fan dit jild sil nea by de plysje oanjûn wurde. Opsjritte fanke, ynpakke.

Wytske: Harry...

Harry: Avensearje! En foar my allinne mar in toilettaske en in pear ûnderbroeken.

Wytske: Harry... ik wol ite mei Arjen en Betsje, ik wol ús rollade út de rümtopf optsjinje en ik wol hjir op Stokroas 10 wenjen bliuwe.

Harry: Do begrypst my net leau 'k. Wy kinne hjir net bliuwe leave. Ik kin net werom nei kantoar. Ik ha alle skippen efter my ferbrând.

Wytske: Mar it is noch net te let.

Harry: Wis al... dat is it wol. As ik it kofferke fan dy smycht ha, dan hat dy smycht it kofferke fan my. Al myn kantoarwurk sit der yn. Moarnier bellet er mei it kantoar, tink dêr mar om. Hy siket syn kofferke en hy siket my, as it safier is moatte wy al tûzenen

kilometers út de reek wêze en yn ien as oar Spaansk hotel
ynskreaun stean as de hear en mefrou de Goede.

Wytske: Harry... dy fint fynt ús altyd. As wy no de Goede of de
Kweade hjiitte... hy fynt ús!

Harry: Hy soe net witte wêr't er ús sykje moast.

Wytske: Hy jout ús oan by de plysje, by Ynterpol, de K.G.B. wit ik
folle. It sil dy raar ôffalle.

Harry: It sil my woarst wêze. Dy smycht kin hielendal net nei de plysje
gean, dat ha ik dy niiskrekt útlein. Menear Smycht hat twa miljoen
sân hûndert fiif en fyftich tûzen euro ritsele en no is de ritselder sels
ritsele! Ha, ha! Troch dyn eigen Harry F. Bron!

Wytske: (*ferheard*) Sa ha ik dy noch nea meimakke, Harry.

Harry: Sa ha ik my ek noch nea field.

Wytske: Do wiest altyd sa'n aardich goed keardeltsje, Harry.

Harry: Tsja, dy dagen lizze efter ús fanke. (*sjongt it liet fan Barcelona,
yntusken dochter it kofferke ticht*)

Wytske: Harry, ik wol net nei Barcelona.

Harry: Stel dy net oan ju... Do fynst it hartstikke moai yn Spanje. Wy
binne der al trije kear op fakânsje west.

Wytske: Fakânsje ja, mar net om te emigrearjen.

Harry: Goed, bêst, ast Barcelona net moai fynst, bliuwe wy mar ien
nacht en fleane wy gewoan troch nei Australië, Hawái, Baly... (*wiist
nei it kofferke*) Wy keapje Baly gewoan.

Wytske: It is hjir ommers sa moai, Harry. Ik wol net ferhúzje, en wat
dogge wy mei ús famylje?

Harry: Oer hokker famylje hasto it? Wy ha hielendal gjin famylje.

Wytske: Wieger en Aaltsje.

Harry: Aaltsje is in etternicht, dy'tst yn tweintich jier net sjoen hast.

Wytske: Ik stjoer se altyd in nijjierskaart.

Harry: Stjoerst se ien út Barcelona. No toe ju, pak dyn koffer. (*de bel
giet*)

Wytske: Oh, leave sei!

Harry: Dat soene Arjen en Betsje wolris wêze kinne. Ik pak it kofferke,
soargje do datst se kwytrekkest. (*nei de trep*)

Wytske: Wat moat ik tsjin harren sizze? Se komme hjir as ús gasten.

Harry: Sis dat se nei Tjaarda gean moatte om in miel iten op ús
kosten. (*hellet in pear briefkes út' e' búse en smyt se Wytske ta en
giet dan óf nei boppen. Hy hat it kofferke by him*)

Wytske: (*ropt skriemerich nei boppen*) Mar it is dyn jierdei! (*siket de
briefkes op. Tsjin harsels*) It is syn jierdei hijoed. (*de bel giet wer.
Se rint nei de foardoar, wylst se doar iepen dochter*) Nim my net kwea
óf dat it salang duorre... (*se hâldt har ynienen yn at se de man yn*

in reinjas sjocht. It is resjersjeur fan plysje Fokkema) Oh, ik miende dat it in oaren ien wie. (*frommelt hastich it jild yn de jurk*)

Fokkema: Fokkema, ynspekteur fan plysje, mefrou.

Wytske: (*besiket gewoan te dwaan*) Fan plysje?

Fokkema: Dat komt út, mefrou. (*lit plechtich syn paske sjen en komt fierder*) Ik frege my ôf oft ik de haadbewenner fan dit hûs te wurd koe.

Wytske: De haadbewenner?

Fokkema: Is dat net jo man?

Wytske: (*docht de doar ticht en rint hastich efter him oan*) No ja hoe dan ek... eh... Kinne jo ek sizze wêrfoar't jo komme?

Fokkema: Ik wol leaver mei jo man prate frou... eh?

Wytske: Bron.

Fokkema: Ah! Bron!

Wytske: Hy sit boppe op dit stuit. (*efkes stil*) Wolle jo wat nûtsjes?

Fokkema: Nee tanke. (*de bel giet*)

Wytske: (*kjel*) Ohh! (*tsjin Fokkema*) Nim my net kwea ôf, ik bin in bytsje... eh... (*ropt nei boppen*) Harry! (*tsjin Fokkema*) Dat is myn man sjoch... Harry! (*Fokkema glimket en knikt*) Ekskusearje my, menear eh... de ynspekteur, ik moat efkes sjen wa't... eh...

Fokkema: Fansels, fansels... gean jo gong.

Wytske: Ik ferwachtsje Arjen en Betsje. Se komme hjir jûn te iten sjoch. (*se laket nei Fokkema, dy jout in glimke werom*) Stobbe. Arjen en Betsje Stobbe. Gean doch sitten. (*Fokkema giet sitten, Wytske ropt nei boppen*) Harry! (*Fokkema kjel, wie dwaande sitten te gean, Wytske glimket nei him*) Ja lekker thús ite, mei ús fjouweren. Harry en ik en Arjen en Betsje. It is hjoed syn jierdei sjoch.

Fokkema: Hea, wat aardich.

Wytske: It is Harry syn jierdei, net dy fan Arjen.

Fokkema: Ah.

Wytske: Ik wit net wannear't Arjen jierdei is.

Fokkema: Jo moatte se mar net langer wachtsje litte.

Wytske: Nee, it duorret net salang mear mei Harry. Hy is... eh... Hy is him oan 't ferklaiien sjoch, in feestpak. Oh! Ik bedoel net dat er... eh...

Fokkema: Nee.

Wytske: Ik sil... eh... (*docht de foardoar iepen, Wolter komt der yn*)

Wolter: Hjir wiene wy al!

Wytske: Oh, ik tocht...

Wolter: Jo hiene in kertier yn de holle? Ik ha der tsien minuten fan makke.

Wytske: Hoe woene jo sizze?

Wolter: Taksy!

Wytske: (*senuweftich*) Oh! Ja.

Wolter: Ik bin Wolter. Skiphol dus. Hoefolle koffers?

Wytske: Oh! Koffers! Ja... koffers, foar de reis, der giet ien op reis.

(*se laket tsjin Fokkema, dy docht neat werom. Tsjin Fokkema*) Ja...

it sit sa... myn eh, myn... (*meneuvelt nei boppen, sjocht Fokkema oan en glimket. Tsjin Fokkema*) Myn... suster. Se útfanhûzet by ús.

Hat by ús útfanhûze moat ik sizze. Se giet fuort, Skiphol.

Wolter: Net wier, menear Bron giet fuort.

Wytske: Wat?

Wolter: De sintrale sei: "Menear Bron"

Wytske: Nee, menear Bron giet net fuort. It is syn jierdei hjoed. Nee, menear Bron hat allinne mar de taksy besteld.

Wolter: Oh.

Wytske: Nee, it is foar myn suske, dy fljocht fuort. (*se laket nei Fokkema, Fokkema glimket freonlik werom*)

Wolter: Hoefolle koffers moatte der mei?

Wytske: Dat soe 'k net... eh, Wolter wie de namme?

Wolter: Ja.

Wytske: Moai... Jo kinne wol yn de taksy wachtsje, Wolter? Menear Bron helpt wol mei de koffer. Myn... eh suske is noch net hielendal klear.

Wolter: Krekt sa't je wolle. Ik stean hjir om de hoeke. Wêr fljocht se hinne?

Wytske: Hoe seine jo?

Wolter: Jo suster. Wêr giet se hinne?

Wytske: (*wifkjend, laket wer nei Fokkema. Tsjin Wolter*) Australië.

Wolter: Australië... Hjir hielendal ûnder? (*wiist*)

Wytske: Ja, se is emigearre, se wie hjir mei fakânsje. (*laket wer nei Fokkema*) No giet se werom. Nei Sydney.

Wolter: Dat is moai. No, ik stean yn dat sydstrjitsje. Jou mar in gjalp as it stel klear is.

Wytske: It stel?

Wolter: De sintrale sei twa minsken... dat is in stel, mefrou.

Wytske: O ja... dat kin útkomme, myn suster en har man, dêrom is se ek emigearre, hy is in Australië. (*laket wer nei Fokkema, Fokkema laket en knikt. Tsjin Wolter*) Ik sil sizze dat jo yn de sydstrjitte stean.

Wolter: Moai. (*tsjin Fokkema*) Aardich jo moet te hawwen. (*ôf*)

Wytske: (*laket tsjin Fokkema*) Hektysk jûntsje.

Fokkema: Sis dat wol. Ha jo wat yn de oven stean?

Wytske: (*yn de war*) Hoe bedoele jo?

Fokkema: Dat itentsje mei jo freonen. De Stobben.

Wytske: Oh, ja.

Fokkema: Jo binne in bytsje yn de war leau 'k.

Wytske: Nee, nee, alles is ynoarder. Rollade út de rümtopf.

Fokkema: Suver sûnde foar jo suster en har man, dat se dat misse moatte.

Wytske: Wat? Oh ja! Eh... jo bedoele Victoria. Victoria en... eh Bob.

Ja, nee, dy moatte harren fleantúch helje.

Fokkema: (*nokkert*) Tsja, Sydney! Foar't se dêr binne ha se al ferskate mielen iten efter de knopen.

Wytske: (*besiket te laitsjen*) Ja!

Harry: (*komt op in draaf de trep del. Hy hat in reinjas, it kofferke mei jild en in reistas by him. Sûnder dat er Fokkema sjoen hat leit er it kofferke en de reinjas op in stoel*) Klear, alles ynpakt!

Wytske: Harry!

Harry: Hasto Arjen en Betsje al ôfpoeiere?

Wytske: Harry, wy ha besite. (*wiist nei Fokkema dy't oerein komt. Harry draait him om*)

Harry: Besi...? Oh, ah! De taksy, prachtich!

Fokkema: Resjerezje, eins.

Harry: Prachtich! (*Harry soe de reistas trochjaan oan Fokkema, mar hâldt him ynienen yn*) Resjerezje?

Fokkema: Ynspekteur fan plysje, Fokkema! (*lit flechtich syn paske sjen*)

Harry: (*blier*) Oh, ja, moai sis. Wat binne de problemen? Ha de buorlu klage... eh, kleie de buorlu?

Fokkema: Jo binne de hear Bron, is 't net sa? Harry Bron?

Harry: Ja, dat bin ik.

Fokkema: Ik frege my ôf, oft ik wol efkes mei jo prate koe.

Harry: Fansels wol, wêr oer?

Fokkema: As mefrou it net slim fynt... Ik praat leaver mei jo ûnder fjouwer eagen.

Harry: Allinne? Jawis, dat kin wol!

Fokkema: Alhoewol, ik soe it net slim fine om te wachtsjen oant de frou har suster opstapt is.

Harry: (*blanko*) Myn vrou har wat?

Wytske: (*flústerjend*) Hy bedoelt Victoria.

Harry: (*blanko*) Victoria?

Fokkema: Ik hie yn 't snotsje, dat sy ree wie om op te stappen.

Harry: (*tsjin Wytske*) "Sy" is ree om op te stappen?

Wytske: Victoria en... Bobby. (*Harry glimket nei Fokkema*)

Fokkema: Hjir hielendal ûnder ús. Sydney.

Harry: Victoria, Bobby en Sydney?

Wytske: Tige tank datst harren bagaazje nei ûnderen brocht hast.

Harry: Graach dien, hear!

Wytske: Ik leau net dat de ynspekteur hoecht te wachtsjen oant Victoria en Bobby opstapt binne.

Harry: Nee, ûnsin. En Sydney ek net. Plysjesaken gean altyd foar.

Sille wy mar efkes nei de keuken gean? (*de bel giet*)

Wytske: Oh, leave sei!

Harry: Dat sil de taksy wêze, freegje mar at er efkes wachtsje wol.

Wytske: Wolter is der al.

Harry: Wa is Wolter?

Wytske: De taksysjauffeur.

Harry: Ah ja, moai!

Wytske: Foar Victoria en Bobby.

Harry: Ah, sa!

Wytske: It sille Arjen en Betsje Stobbe wol wêze.

Harry: Dy moatst kwyt sjen te reitsjen.

Wytske: Mar wy ha harren útnûge foar in itentsje.

Harry: No ja, freegje mar oft se de presintsjes efterlitte wolle en dan fuort wêze! (*tsjin Fokkema*) Ik ha in beslút nommen, ik wol myn vrou foar mysels ha jûn. It is op 't lêst myn jierdei no? Is 't net sa? Ja, sis no sels... Net dy fan Arjen. (*tsjin Wytske*) Se begripe it wol. Sis mar dat wy op bêd gean. (*tsjin Fokkema*) Nei't ik dizze hear befredige ha fansels. As ik befredigje sis dan...! Ik bedoel, nei't ik de fragen fan de ynspekteur beäntwurde ha. (*docht de keukensdoar iepen*)
Nei jo.

Wytske: Harry, ik kin 't net oan!

Harry: Fansels kinst it wol.

Wytske: Nee, ik kin it net.

Harry: Do kinst it wol! (*tsjin Fokkema*) Sy kin it! Se tinkt allinne mar dat se it net kin.

Wytske: (*de bel giet wer. Wytske kjel*) Aaaah!

Fokkema: Faaks is it wol better, dat jo de doar iepen dogge, ik wachtsje wol yn de keuken.

Wytske: Dat is in goed foarstel.

Harry: (*yn de war*) No ja... ynoarder, ik kom daliks.

Fokkema: Nei't jo dy freonen ôfpoeiere ha, sil jo skoanfamylje der ek wol oan ta wêze om fuort te gean.

Harry: Hokker skoanfamylje? Oh...! Myn skoanfamylje... Victoria... en eh, Bob. Ja, dy sitte boppe, klear om te gean. (*nokkert nei Fokkema en wiist nei de keuken*)

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via
www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



info@toneeluitgeverijvink.nl



072 5112407



“Samenspelen” is ons motto